

koarte digitale spesjal // de Moanne // april 2025



Foekje: Regisseur Jos van Kan
oer twifels en perspektiven

Mear oer de grutte trageedzje

de moanne

algemien-kultureel opinyblêd

mei Trotwaer

Reader

Kyk yn hert en siel fan Foekje

Bert de Jong

Trijefearns iuw letter, nei ien fan de grutste sporttrageedzjes, kriget Foekje Dillema dochs in stim. It dekôr is klear foar teater fan Tryater om it bysûndere ferhaal fan Foekje doe en it maatskiplike ferhaal fan no oer it fuotljocht te bringen. Of sa't regisseur Jos van Kan it seit: 'Kunnen wij in het hoofd en hart van Foekje kruipen?'

Har swijen oant har dea is wol it meast yntrigearjende by Foekje Dillema. Wat har yn it jier 1950 oanwreaun wurdt, hat har djip yn de siel rekke. It famke út Boerum fan ienfâldige komôf dreamde fan meidwaan oan de Olympyske atletykwedstriden yn Helsinki. De wei dêr hinne krige in absurde omkear mei útsluting. Foekje waard foar it libben tekene: 'Ze zeggen dat ik geen meid ben'.

Skriuwer Kees Roorda hie de driuwing om it ferhaal fan Foekje as teaterfoarstelling oer it fuotljocht te bringen. By regisseur Jos van Kan fûn hy it fjoer foar in suksesfolle produksje, dy't foar alle minsken ynteressant wêze kin.

Foar him wie wis dat soks hielendal past by it selskip Tryater., dat sadwaande is *Foekje* fan it jier tritich kear te belibjen yn Fryske sportsealen en dizze simmer ek op it Oerolfestival op Skylge.

'Ik hou van een uitdaging. Dit is er zo een', fertelt de regisseur as de repetysjes begûn binne. Yn binnen- en bûtenlân hat er al mear as 25 jier syn namme ferbûn oan produksje en rezjy fan mânske teaterproduksjes. 'Ik wil niet eenzelfde kunstje flikken. Dit is juist heel spannend met een thema dat ongemakkelijk is. Want hoe maak je de vertaalslag?'

De kompleksiteit fan it teaterstik makket fan alles yn him los. 'Het is ethisch een

heel mooie opdracht. De vraag is of je haar wel moet laten praten. Immers, wij weten veel niet. We kunnen er vooral naar kijken met onze ogen. Maar anderzijds, als je haar niet laat spreken, dan bevestig je haar slachtofferschap. Dat is nou juist iets wat je niet wilt.' It fraachstik dat op tafel leit: 'Kunnen wij in het hoofd en hart van Foekje kruipen? Ja, theater is hiervoor bij uitstek geschikt.'

Moannenlang hat er wurke oan in plan om teater te meitsjen oer in persoan dy't op in bult fragen in antwurd hie, mar oer harsels allinnich mar swije woe. 'Zwijgen is heel moeilijk. Je moet er heel erg je best voor doen. Maar ik snap heel goed haar trotse houding van: 'Ik ben Foekje en daar doe je het maar mee. Dat is ook heel mooi.'

Perspektiven

Mei it fakmanskip fan teatermakers hat dit yngewikkelde fraachstik in hiel moaie foarm krigen, mei meardere perspectiven op Foekje Dillema. Soks iepenet de eagen. Foar guon is der mar ien ferhaal, mar skriuwer Kees Roorda hat yntinsyf speurderswurk dien foar meardere kanten fan de saak. Net om oan de ein útslútsel te jaan, want it geheim hat Foekje ommers foar harsels bewarre. It is eins mei in haadpersoan, mar dy rol wurdt net spile. 'Niemand speelt Foekje!'



Foto's: Natalia Balanina

Troch de eagen fan hiel útienrinnende personaazjes – spile troch Nynke Heeg, Lourens van den Akker, Stijn Schootstra en Caroline Mgata – wurdt in yntrigearjend persoanlik drama fan doe ek relevant foar de tiid fan no. 'Er zijn veel aspecten. Om jezelf te kunnen zijn, ook als je anders bent', fertelt Jos van Kan. 'Om sportiviteit ook. In de sport gaat het altijd om winnen, maar hoe belangrijk is dat eigenlijk?'

'Het is een voorstelling voor iedereen', fertelt de regisseur. Hy leit de klam op 'iedereen', om mar oan te skerpjen wat Foekje Dillema oerkaam is troch har út te sluten. 'Mijn doel is om werelden bij elkaar te brengen. Ik wil het heel graag en doe er mijn stinkende best voor. We maken er aantrekkelijk theater van, voor een groot

publiek, met dans en muziek. Mensen moeten opgetild naar huis gaan.'

Twifels

'Men wist er niet mee om te gaan', sjocht Jos van Kan werom op 'een dramatische levensloop' foar de jonge frou, dy't fan it iene op it oare momint konfrontearre waard mei twifels oer har eigen ik. 'De wereld om haar heen besloot voor haar om er niet over te spreken. Het moet vreselijk zijn geweest.' Skriuwer Kees Roorda hat yn it doarp mei minsken praten dy't har kend en meimakke hawwe. Ynstee fan de olympyske dream kamen by de eigen gymnastykferiening de lessen oan de skoaljeugd as weardefol alternatyf. 'In haar dorp is men om haar heen gaan staan.' Van Kan is yn de besnijing rekke fan it ferhaal fan Foekje, omdat it in protte

minskens ek sterket. 'Ieder mens draagt wel iets van pijn met zich mee. Ik wil dat theater invoelbaar kan worden. Het is belangrijk om andermans ziel te begrijpen en het eigen mens zijn te iken. Van mijn grote leermeester Dora van der Groen heb ik geleerd dat het bij theater gaat om persoonlijkheid, pijn en poezie.'

De betûfte regisseur hat yn it foar presys yn de holle hoe't er it hawwe sil. 'Je moet een duidelijk plan hebben. Er zijn 35 scènes. Dan moet je wel bij de les blijven.' Hy is wiis mei it skriuwwurk fan Kees Roorda, mar ek mei it entûsjasme fan Tryater om dit stik te presintearjen. Moannen is er al dwaande mei tariedings, lykas de kostûms, it dekôr, muzyk fan Wiebe Gotink mei inkeld slachwurk fan Julia Ramos.' By de repetysjes wurdt



der slipe. ‘Op de vloer wordt het anders. Natuurlijk heb je dat een speler zegt: ‘Zouden we dit niet anders doen?’

Bysûnder is dat der spile wurdt yn sport-en gymsealen, eins it domein fan Foekje. ‘Het publiek zit in het midden, de acteurs bewegen zich er omheen. Er is zelfs een baan voor hardlopen.’ Mei trainings en goreografy krijt sport hjir in teatrale foarm. Ek yn de lytse details sit de hân fan de regisseur. Yn tafallichheden fynt er de ynspiraasje. ‘Dan zie ik bij de rekwisieten vijf grote schelpen en denk onmiddellijk: daar kan ik iets mee.’

Taal
It teaterstik is meast yn de Fryske taal, mar mei opsetsin is der romte litten foar oare talen. Al is it mar omdat Fryslân meartalich is, Foekje ynternasjonaal wurde soe en sport thús is yn alle talen. ‘Het gaat over uitsluiting. Dat betekent dat je het Fries als vlaggenschip hebt, maar ook andere talen binnen laat. Waarom zou je het niet doen? Iedereen heeft de mond vol van uitsluiting. Tegelijk spreken we elkaars taal niet meer, letterlijk en figuurlijk. Taal is collectieve herinnering. Daar gaan wij een steentje aan bijdragen.’

Meastentiids is Jos van Kan ûnderweis, mar syn thús is op Skiermûntseach. Om dy reden fielt er him gjin nomade, seit er, ek al libbet er faak ‘uit de koffer’ yn hotels. Sûnt syn debút yn 1989 by Fact yn Rotterdam hat er hûndert toanielstikken, muzykteaterfoarstellings en opera’s regisseare. Dan is er yn Dútslân, dan yn Taiwan, of Kanada. Yn eigen kontreien hat er earder foar Tryater de foarstelling *Brekber* makke, yn kombinaasje mei in eksposysje mei keramykmuseum Prinsessehof. En yn gearwurking mei komponist Primo Ish-Hurwitz hat er syn bêste krêften jûn oan *Toonzetters* op it Oranjewoud Festival. Dy kombinaasje krijt oare jier in ferfolch yn Amsterdam. Dit jier is er drok mei *Foekje*, en in foarstelling foar *Gronings Vuur* yn Ten Boer, in teaterprojekt yn Vancouver en de komeedzje *Kalter weißer Mann* yn Halle.

Oan de ein fan it jier reizget er nei Thailân foar it skriuwen fan syn twadde boek: *Een vaste woonplaats*. Earder hat er *Verre Vader* skreaun yn Kambodja. De roman beskriuwt de swarte skiednis fan it lân, mar is ek de persoanlike tragyk fan in heit dy’t syn soan kwytrekket. Hy beneamt dat it eigen ûnderfinen fan pas komt by *Foekje*. ‘In dit personage herken ik ergens mijn eigen levensgeschiedenis en mijn mens zijn. Ook in de dilemma’s waarvoor zij gesteld was, waar het gaat om levensgeluk.’

Foar it oare docht er oer syn eigen it swijen ta. ‘Voor een voorstelling is het niet nodig om te weten wie of wat ik ben. Ik ben daar zuinig in. Als ik mijzelf belangrijk maak, dan wordt het onzuiver. Foekje Dillema is het onderwerp. Haar leven is verkloot en zij kon er niks aan doen. Er was pijn, maar zij was een sterke persoonlijkheid. In het eigen dorp kon zij ondanks alles zijn wie zij was, ook al was zij anders. Waar wij de loep op leggen is een vrouw uit de jaren vijftig, die bij veel Friezen in het hart zit. Zij wordt voortgedragen in de collectieve herinnering en bij een nieuwe generatie onder de aandacht gebracht.’

Bert de Jong is sjoernalist



Foekje Dillema, estafette yn Grins, 12 july 1950. Foto: Nationaal Archief

Grutte trageedzje foar rappe rinster fanwege har sekse

It is ien fan de grutste trageedzjes fan de Nederlânske sportskiednis. Mear as in heale iuw is Foekje Dillema foar it libben it rjocht ûntnaam om har te bewizen op de atletykbaan. Al wat sy earder prestearre hie, waard út de boeken skrast. Der wie wat oars as oars mei de talintfolle hurdrinster en dat foel op. In seksetest wegere sy en dat waard de stok om har te slaan. Op it stasjon fan Utert waard sy op in simmerdei yn 1950 troch heechhertige manlju fan it atletykbûn út de trein helle doe’t se mei in ploechje oare atleten nei ynternasjonale wedstriden yn Parys soe.

Ferbjustere reizge Foekje werom. Sy hie har guod noch út de trein pakt mei as ferklearring oan de oaren: ‘Ze zeggen dat ik geen meid ben’. Yn har bertedoarp Boerum hat sy har weromlutsen, mei it fêst foarnimmen har geheim mei te nimmen yn har grêf. De Keninklike Atletyk Uny soe al dy tiid net mear nei har omsjen. Mei it berjocht dat Foekje rêst nimme soe, like it ofdien. It bûn hie ek net

genôch kloaten om har by libben rjocht te dwaan. Pas in wike nei har dea wie der fan dy kant rehabilitaasje, ekskús en in krâns op it grêf. Foar de ivichheid krige Foekje har behelle rekôrs wer op har namme.

Foekje Dillema (berne op 18 september 1926 en ferstoarn op 5 desimber 2007) koe yn de jierren 1949 en 1950 rinne as in hazze. Op de atletykbanen wie se op de 100 meter en 200 meter fan bysûndere klasse. Har Nederlânsk rekôr op de 200 meter fan 24,1 sekonden wie te moai. Al hiel foar de yn dy tiid sa bejubele Fanny Blankers-Koen, want dy koe der net oan tippe. Ek Foekjes persoanlik rekôr fan 12,1 sekonden op de 100 meter sprint mocht der wêze. Ta fergelyk: Dafne Schippers hat no al tsien jier op beide ôfstannen de Nederlânske rekôrs yn besit: respektivelik 21,63 en 10,81 sekonden.

Yn har bertedoarp Boerum sit de seal grôtfol op 15 april. Dan spilet dêr Tryater. Dat alle kaarten sa flotwei ferkocht binne,

is net frjemd. It ferhaal oer de Fryske atletykleginde is ommers it ferhaal dat yn de mienskip dêr ankere is. Aldere generaasjes kinne it har heuge, of hawwe letter noch gymnastyklessen fan Foekje krigen. It doarp bleau har ta stipe. Tagelyk mei de fêststelling om it der fierder net mear oer te hawwen.

Tiden hawwe tiden. Wat yn 1950 spile by Foekje Dillema, spile ek by de Olympyske wedstriden fan 2024 yn Parys. De Algerijnske bokser Imane Khelif wurdt ynternasjonaal útfergrutte. Oars as by Foekje, doe’t kranten der út ûngemak wei amper oer skreaune, krije de manlike skaaimerken fan Imane in protte omtinken yn de media en binne dy in ûnderwerp oant op it heechste politike nivo ta. Har yntersekse falt op en blykt yn har sportive foardiel.

Dêr’t Foekje Dillema it ferpofte om in seksetest te dwaan en foar altyd swije soe oer har yntersekse, wie it de Súd-Afrikaanske hurdrinster Caster Semenya dy’t der in prinsipesaak fan makke. Sy wûn by de Olympyske Spelen yn Londen yn 2012 en dy fan Rio de Janiero yn 2016 goud op de 800 meter. Mar har natuerlike testosteron yn it lichem wie trije kear heger as gewoanwei foar in frou. Sy stapte nei it Europeesk Hôf foar de Rjochten fan de Minsk om de har opleine medikaasje oan te fjochtsjen om sa mear frou te wurden. De ‘mannelijke atleet met vrouwelijke geslachtskenmerken’ krige gelyk. Soks soe diskriminaasje wêze.

In frou wêze, mar ek wat fan in man hawwe. Yn medysk jargon giet it dan om yntersekse; it is der eins krekt tuskenyn. In lytse ôfwiking yn gromosomen kin konsekwinsjes hawwe, soms te merken oan burdgroei of in basstim. Lang waard hjir it swijen ta dien, mar der binne yn Nederlân sa’n 45.000 minsken dy’t hjir yn mear of mindere mjitte mei te krijen hawwe. It is oars as transgender, want it is gjin kar. By de berte is it somtiden dúdlik en oars yn de puberteit wol. Yn in lân as Dútslân wurdt it oantsjuten mei in X, as by de berte net fêststeld wurde kin at in bern in M is of in V. ♀

de moAnne

Benijd nei mear fan de Moanne?
Wurd abonnee!



As abonnee krijst 4 kear
yn it jier in folsleine
edysje yn de brievebus!

abonnearje – stypje – kado jaan

demoanne.nl